

EACH & EAR

Utjefte fan de feriening
freonen fan omrop fryslân



JIERGEARKOMSTE 18 APRIL 2018 | OFSKIED JAN KOSTER |
BOATREISKE JUNY | MEIRINNE OP 'E REDAKSJE | KECH RIEMT OP PECH |

KOLOFON

FREONEN FAN OMROP FRYSLAN
Zuiderkruisweg 2, 8938 AP, Ljouwert
06 43 903 180

**YINTERNET**

www.omropfryslan.nl/freonen
e-mail: freonen@omropfryslan.nl
www.facebook.com/freonenomrop.fryslan

Ledebydrage min. € 9,00 yn it jier
Banknûmer NL09RABO0130551805
(û.f.f. lidnûmer, stiet op adresstikker)

It lidmaatskip wurdt oangien foar
minimaal ien (kalinder)jier en
wurdt stilswijend fuortset

OMROP FRYSLAN
Postbus 7600, 8903 JP, Ljouwert
Telefoan 058-2997799
Op ynternet: www.omropfryslan.nl

REDAKSJE EACH & EAR
Nynke Bosgra
Agatha Hijlkema-Jorna
Vera Brink-Stilma
Marketingmeiwurkers Omrop Fryslân

Each & Ear ferskynt 3x yn 't jier

UNTWERP
Annika Holtewes

FOTO FOARSIDE
Henk Bootsma

OPMAAK EN OFWURKING
Caparis Grafysk Sintrum
Jagtlustweg 2, It Hearrenfean

FERSTJOEREN
FRLpost
Zwettestraat 29d, Ljouwert



12

**Lân
fan
taal**

wannear
do
nei

ferlangst
it meast
thús?

13

Ynhâld



19



15

FOARSITTERSPRAKKESAASJES	4
PROGRAMMA JIERGEARKOMSTE 2018	5
FERSLACH JIERGEARKOMSTE 2017	6
JIERFERSLACH 2017	8
FINANSJEEL FERSLACH 2017	9
JANTINE WEIDENAAR	10
ANDOR FABER	11
BOAT- EN BUSTOCHT	12
DRIUWENDE OPROP	12
FRIEZEN OM UTENS	13
OMROP FRYSLAN SIT YN MYN HERT	15
KLANKBOERDROEP FEBREWARI 2018	17
MEIRINNE OP 'E REDAKSJE	18
UTSLACH KRYSTPUZEL 2017	19
MYN MOAISTE FRYSKKE BOEK	19
DE OMROP EN LF2018	20
FRYSLAN KIEST - OP ' E KOFJE	21
KECH RIEMT OP PECH	22
OPJEFTESTROOKJE BOAT- EN BUSTOCHT	23
OPJEFTESTROOKJE JIERGEARKOMSTE 2018	24

Ferhuzing trochjaan?

Nei it ferstjoeren fan Each & Ear krije wy meastentiids in oantal boekjes werom dy't net besoarge wurde kinne. Dit omreden dat it adres net mear kloppet. Wolle jo by ferhuzing jo nije adres trochjaan? Dat skeelt ús in protte wurk.

Gea Bouma

Foarsittersprakkesaasjes

Yn 'e lêste Each & Ear joech ik oan benijd te wêzen oft it nije regear it twadde part fan de nije Mediawet, dy 't noch net behannele is yn de beide Keamers, trochsette sil. Want dan koe Omrop Fryslân dochs noch har selsstannigens kwytrettsje. Ta jim gerêststelling: It giet net troch. De meiwurkers fan Omrop Fryslân bliid - harren wurk bliuwt - én wy bliid: ús hjoeddeiske relaasje bliuwt yn stân!

Wy namen yn deselde Each & Ear ôfskie fan Ans Tamminga, ús 'âlde' frijwilliger. Oan de ein fan ferline jier ha wy har nochris ekstra yn 't sintsje setten troch har op in tiisdeitemoarn troch Omrop Fryslân útrope te litten ta 'Tiisdeitopper'. Ans wie tige ferrast mar; folslein fertsjinne fine wy!

Op de wurklist fan ús jiergearkomste op **woansdei 18 april '18** (dus nét op 21 maart fanwegen de gemeenteriedsferkiezingen) steane wat nuveraardige punten. Nei it saaklike part en nei de ynhâldlike ynbring troch meiwurkers fan de Omrop, komt der nochris in saaklik part. De reden? Wy binne fan doel om jimme in pear wizigings yn it karbrief foar te stellen en dat kin allinne mar as we op ien jûn dat punt twa kear oan 'e oarder stelle. Op 'e jûn sêls komt dêr neier útlis oer.

De provinsje Fryslân hat de KPN ferge om op 'e nij mei harren yn oerlis te gean. Sa 't jim witte hat de KPN Omrop Fryslân, lykas oare regionale stjoerders, yn it oare part fan it lân fan de stjoerder helle. Neffens de provinsje en neffens ús - wy hawwe de KPN dêr ek op oansprutsen - is dat ûnrjochtmiittich. It Frysk as twadde Rykstaal heart yn it hiele lân ûntfongen wurde te kinnen. Wurdt ferfolge!

Troch it nije belied by Omrop Fryslân is der nei jierren fan stilstân de lêste moannen wolris wat ûnrêst ûnder de meiwurkers te fernimmen. Jimme hawwe it grif wol meikrigen fia de krante. Nei oanlieding dêrfan is der wolris in lid dy't har/syn lidmaatskip fan de Freonen dêrtroch opseit. Ik moat earlik sizze dat ik dêr neat fan begryp. Wat wiene we bliid, nei de sniewinter fan '79, doe't der in eigen, selstannige Omrop ûntstie. Dêrom waarden we allegear lid fan de Freonen, om dy Omrop te stypjen, yn goede én minne tiden. En wat ha we in pear jier lyn mei elkoar krewearre om dy Omrop selsstannich bliuwe te litten. En dan opsizze om sa'n reden, sûnder dat je de oare kant fan it ferhaal kenne. Doe't fjouwer meiwurkers fan de Omrop in 'Te Gast' pleatsten yn de Ljouwerter krante mei dy oare kant fan it ferhaal, wie ik tige bliid. Elk wit dat der yn in organisaasje altyd wol wat spilet. En ik wit ek dat de lieding fan de Omrop altyd iepen stiet foar kryptyk, en der ek wat mei docht. Yn myn eagen is boppesteande in ekstra reden om op ús jiergearkomste te kommen. Haadredakteur Klaas Geert Bakker is der dan ek en sil dat grif wol taljochtsje wolle.

Op ús jiergearkomste fan 2016 is der troch guon leden frege om it Frysk yn it ûnderwiis fia de Omrop finansjeel te stypjen. Ferline jier binne dêrta al plannen ûntwikkele troch meiwurkers en ik ha no begrepen dat se 'los' binne. Sa as doe tasein, stypje wy dat projekt no yndied. Dêrnjonken hat it bestjoer besletten om dit jier noch trije projekten fan de Omrop, yn it kader fan Kulturele Haadstêd 2018, ek finansjeel te stypjen, foar yn totaal in bedrach fan € 5000,-.

Earder ha we jim oproppen om jim oan te melden foar in sit yn de op te rjochtsjen Lederied. Uteinlik hawwe sân leden dat dien. Yn 'e hjerst binne we úteinset yn, wat we no neame, de Klankboerdgroep. Ek de haadredak-

teur fan de Omrop, Klaas Geert Bakker, sit yn dy groep. Sa kinne alle krityske fragen fan de leden daliks beäntwurde wurde. Yn febrewaris hiene wy de twadde gearkomste.

Yn juny steane der wer twa prachtige boatreiskes op it program. Jimme kinne dêr yn dit blêd wiidweidich oer lêze. Wolle jo mei, jou jim dan sa gau as mooglik is op, want fol is fol. En 'fol' betsjut 100 persoanen per dei!

Yn dizze Each & Ear fine jim foar it earst ek in ferhaal yn it Stellingwerfs. As bestjoer fine we nammentlik dat we, njonken it Frysk, ek mear oandacht besteegje moatte oan dy streektaal en oan it Bildts. No komt dus earst it suden fan Fryslân oan bar, en yn it folgjende nûmer it noarden. Ik bin benijd wat jim der fan fine.

As lêste: in skoftke lyn hat Jan Koster, de direkteur fan Omrop Fryslân, oankundige dat hy der fan 't maitiid mei ophâldt. Koster is de man dy yn foargeande jierren der (mei) foar soarge hat dat de Omrop selsstannich bleau. Ik sis 'mei', om't der fansels ek oaren west ha dy dêr in oandiel yn hiene ha. Mar ik wit fan tichtby dat Koster, ek yn in lanlike funksje, hiel betûft wie yn it op in positive wize bewurkjen fan amtners en politisi op provinsjaal én lanlik nivo. As der ímmen is dêr't it selsstannich fuortbestean fan ús Omrop Fryslân oan te tankjen is, dan is dat Jan Koster. Ik gun it him tige dat hy sûn mei pensjoen gean kin, mar ik fyn it tige spitich. Miskien kinne jim him op ús jiergearkomste ek noch betankje?!

Andrys de Blaauw



**Jiergearkomste FOF
18 april 2018**

Programma Jiergearkomste

18 april 2018

(nim dizze 'Each & Ear' mei nei de gearkomste).

Attinsje: Dizze wurklist hat twa kear in saaklik part. Dat hat te meitsjen mei it foarstel fan it bestjoer om it karbrief (= statuten) te wizigjen. Dêr stiet ek in taljochting oer it wêrom.

Om 19.30 oere begjint it saaklik part fan de jiergearkomste mei ûndersteande wurklist:

1. Iepening en wolkom.
2. Meidielings en ynkommen stikken.
3. Ynbring fan de direkteur (noch wol) fan Omrop Fryslân, Jan Koster, en fan de haadredakteur, Klaas Geert Bakker.
4. Ferslach jiergearkomste fan 29 maart 2017 (stiet yn dizze Each & Ear).
5. Jierferslach 2017 (stiet yn dizze Each & Ear).
6. Finansjeel oersjoch 2017 en begrutting 2018 (stiet yn dizze Each & Ear).
7. Ferslach fan de kaskommisje foarstel ta desjarzje ponghâlder.
8. Beneaming nije kaskommisjeleden.
9. Bestjoerswikseling: der binne gjin leden ôftredend.
10. **Foarstel ta it wizigjen fan it karbrief.**

Kêst 5-1-b (Opsizzen lidmaatskip): oanfolje mei: **By it opsizzen fan it lidmaatskip krijt men gjin ledejild werom: Kêst 8-2: âld:** Elk bestjoerslid wurdt keazen foar de tiid fan fjouwer jier en kin maksimaal twa kear werbeneamd wurde.

Foarstel: Elk bestjoerslid wurdt keazen foar de tiid fan trije jier en kin maksimaal ien kear werbeneamd wurde, + in opsje fan in ynsidintele ferlinging fan ien jier. Kêst 10-2: âld: De foarsitter stelt de wurklist fêst. **Foarstel: De foarsitter en de skriuwer stelle de wurklist fêst.**

N.B.: it karbrief skriuwt foar dat, by foarstel fan wiziging fan it karbrief, der op syn minst twa/tredde fan de leden oanwêzich wêze moatte. Dat soe betsjutte dat der hjoed, 18 april, op syn minst 2000 leden oanwêzich wêze moatte. Dat is noch nea bard. Dán seit it karbrief dat der nei in oere wêr in behanneling plak fine kin fan dit punt. Dan is ynstimming fereaske fan op syn minst twa/tredde fan de oanwêzige leden. Dat is de reden dat dit punt twa kear op de wurklist stiet.

11. Omfreegjen.
12. Sluting fan it earste saaklik part.

SKOFT.

Nei it skoft sille meiwurkers fan Omrop Fryslân, Andor Faber en Jantine Weidenaar in bydrage leverje.

13. Twadde behanneling fan punt 10 (wiziging karbrief).
14. Sluting fan de jûn.

**In jiergearkomste om net te fersitten!
WOL graach opjaan fóár 1 april o.s.**



Andor Faber



Jantine Weidenaar

Ferslach jiergearkomste

29 maart 2017 (Ynkoarte ferzje)

1. Iepening en wolkom

Foarsitter Andrys de Blaauw hjit de oanwêzigen tige wolkom en yn it bysûnder presintatrise Afke Boven, Pier Abe Santema fan de 'Leeuwarder Courant', en Jan Koster en Klaas Geert Bakker fan de Omrop.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Der binne twa ôfmeldings kommen foar dizze gearkomste en wol fan Akkie Lindeboom-Jager en Griet Kuipers-de Bruin.

3. Ynbring fan de direksje fan Omrop Fryslân

Jan Koster neamt it histoarysk, dat de LC ferslach docht fan de ledegearkomste fan de Freonen, dat is noch nea earder bard. It ôfrûne jier kaam de selsstannigens fan de Omrop yn gefaar. De steatssekretaris woe ta op in bondeling fan de regionale omropen mar dêr kaam yn haadsaak protest tsjin. Klaas Geert Bakker fertelt oer de programmearring. Men sjocht trije, fiif, en sels tsien jier foarút. Alles op mediagebiet ferskoot nei online. Oanhâldende oandacht foar de radio hat bettere harksifers oplevere. En wat de diskusje oer de Frysktalige muzyk oanbelanget: dy wurdt net minder draaid mar de tiden wêrop, binne ferskood. Mei 'Fryslân Hjoed' is der mear ferdjipping yn it nijs op de telefyzje kaam. Inkelde fragen/opmerkings út de seal:

"Piet Paulusma ien kear deis mei it waarberjocht is genôch." Klaas Geert Bakker seit dat net eltsenien op deselde tiid nei it nijs heart, dêrom is der foar meardere mominten keazen. "As der in petear op de radio is, heart men faak (lûde) eftergrûnmuzyk. Dat is steurend." Klaas Geert Bakker seit dat it net oantreklik, en ek keal is, as der gjin muzyk brûkt wurdt.

4. Ferslach jiergearkomste fan 30 maart 2016

Der binne gjin fragen of opmerkings. De foarsitter betanket Doutsje Hoekstra foar it meitsjen fan it ferslach.

5. Jierferslach 2016

Der binne gjin fragen of opmerkings. Doutsje Hoekstra en Agatha Hijlkema wurde betanke foar it meitsjen dêr fan.



6. Finansjeel oersjoch 2016 en begrutting 2017

Ponghâlder Nynke Bosgra jout oan, dat der in pear technyske flaterkes yn it oersjoch steane.

7. Ferslach fan de kaskommisje

De hear Valk fan de kaskommisje seit

dat der neat oan te merken is op de boekhâlding, der is sekuer wurk levere troch de ponghâlder.

8. Beneaming nij kaskommisjelid

De hear Valk giet no út de kaskommisje. Frou A. Lindeboom-de Jager kriget selskip fan de hear J. van Dijk út Boalsert. Reserve is de hear J. Hettinga út Aldehaske.

9. Bestjoerswiksel

Klaas Annema is ôfgeand en net werkiesber. Letter yn dizze gearkomste nimme wy ôfskie fan him. Der binne gjin tsjinkandidaten en dus wurdt ûnder applaus fan de gearkomste Vera Brink-Stilma as nij bestjoerslid wolkom hjitten.

10. Hokker koers moatte wy as Freonen farre?

Understeand de fragen en harren reaksjes.

1. De Freonen binne yn diskusje oer de koers fan de Feriening. In belangrike fraach is dan, hoe't de Omrop tsjin ien en oar oansjocht, om't wy (foar in part) ôfhinklik binne fan dyselde Omrop.

Jan Koster en Klaas Geert Bakker



Afke boven docht har ferhaal

binne beide fan betinken dat (leden fan) de Freonen folle mear belutsen wurde moatte by aktiviteiten fan de Omrop.

Ideeën dêroer binne der al, bygelyks in dei meirinne mei in ferslachjouwer.

2. De Freonen tinke der oer om in soarte fan Lederie yn te stellen, dy't ek kritysk nei de Omrop sjocht.

In prima idee, mei om't de Omrop sels ek ideeën hat oer in soarte fan klante-panel.

3. In tal meiwurkers fan de Omrop is net iens lid fan de Freonen. Dat fine wy frijemd, mei om't wy as Freonen de ôfrûne oardel jier ús nekke wol foar harren útstutsen ha.

Jan Koster en Klaas Geert Bakker binne it folslein mei ús iens. Wy kinne in oprop dwaan.

4. De Freonen wolle eins faker subsydzje jaan oan projekten fan de Omrop. Mar dan moat der ek wat tsjinoer stean, 'dit projekt is mei mooglik makke troch finansjele stipe fan de Freonen fan Omrop Fryslân' of sokssawat. Prima, alle stipe dêrfoar.

5. Wy wolle folle struktureler oanheakje by pr-aksjes fan de Omrop, te fergelykjen mei de aksje op de 'Centrale As', de Freonen njonken it diske fan de Omrop. Gjin inkeld probleem.

Oangeande de koers fan Each & Ear binne fiif stellingen makke, de gearkomste kin dêr mei griene (mei iens) en reade kaarten (net mei iens) op reagearje.

1. Each & Ear mei om my tenei wol fia de mail ferstjoerd wurde. 2/3 hâldt in reade kaart omheech, 1/3 in griene.

2. Each & Ear mei om my wol ferfongen wurde troch 4-6 (aktuelere) nijsbrieven yn it jier.
De kaartferdieling is heal om heal.

3. Ik lêse eltse Each & Ear fan begjin oan 't ein (en werom) en soe se net graach misse wolle.

Fierwei de measte kaarten binne



grien.

4. Twa kear yn it jier in Each & Ear, mei as oanfolling twa kear in nijsbrief, liket my skoan ta.

Fierwei de measte kaarten binne grien.

5. Each & Ear is yn dizze opset in ferâldere boekje en net nijsgjirrich genôch foar jongeren.

Fierwei de measte kaarten binne read.

11. Omfreegjen

Inkelde opmerkings út de seal:

"De presintatoaren hawwe altyd safolle papier yn de hannen.

Kin dat net oars?" Diana de Groot antwurdet dêrop troch te sizzen dat it mar om in pear feltsjes papier giet.

Foarsitter Andrys de Blaauw seit dat wy aanst ús twadde foarsitter, fertsjinwurdiger yn de Ried fan de Fryske Beweging en it EBLT, mar foaral in ynteger en prinsipeel man, misse sille. Hy hat it dan oer Klaas Annema dy't ôfgeand en net wer kiesber is. De Blaauw betanket him foar syn ynset en ûnderstreket dat mei in pinne en in boeket.

12. Sluting saaklik part fan de gearkomste

Foarsitter Andrys de Blaauw slút dit part fan de gearkomste en seit dat hy benijd is, wat it part nei it skoft ús bringt.

It folsleine ferslach is op te freegjen fia it stjoeren fan in mail nei freonen@omropfryslan.nl



Jierferslach 2017

Ynlieding

De Omrop kin as selsstannige regionale stjoerder fierder en dêr binne wy hiel bliid mei. Mar wy moatte ôfwachtsje, oft it nije regear it twadde part fan de Mediawet ek behannelet en hoe't dat dan útpakke sil fansels. Wy namen it ôfrûne jier binnen it bestjoer ôfskie fan Klaas Annema en begroeten as nij lid Vera Stilma.

Each & Ear

Yn de rin fan it jier ferlit Geartsje Fokkema-Elgersma de redaksje - hja wurdt skriuwer - en nimt Vera Stilma de taak as haadredakteur oer fan Nynke Bosgra. Oanfolle mei Agatha Hijlkema-Jorna en mei help fan Marketingmeiwurkers fan de Omrop wurdt der wer trije kear in ledeblêd útjûn yn in nij jasje, want Each & Ear is no alhiel yn kleur en yn A4-formaat. It sjocht der prachtich út.

Frijwillichsters

Om't Ans Tamminga nei 17 jier oan it ein fan dit jier ôfskie nimt, bliuwt der yn de persoan fan Gea Bouma-van der Zee noch ien frijwillichster oer. Dêrom is der no in oare taakferdieling kaam en sadwaande nimt ús ponghâlder Nynke Bosgra, de hiele finansjele lede-administraasje op har. Der is dit jier ek wer in reiske organisearre. Twa dagen efter inoar is it gesellich drok yn de 'Weerribben' mei in boat fol Freonen.

De frijwillichsters fertsjinwurdigje tegearre mei in bestjoerslid de FOF op ferskate eveneminten. Sy waarden bygelyks sjoen op de ballonfeesten op De Jouwer, de Admiraliteitsdagen yn Dokkum en de Turfstekkersmerk op It Hearrenfean.

Oare saken

Foar ús bestjoersgearkomste yn oktober wie direkteur Jan Koster útnûge om ús by te praten oer rinnende saken by de Omrop. Tagelyk joech hy doe oan, yn de maitiid fan 2018 syn funksje as direkteur del te lizzen. Dat spyt ús tige mar wy hawwe alle begryp foar syn beslút. Yn de desimbergearkomste wie yn ús fermidden it wurd oan haadredakteur Klaas Geert Bakker om ús op 'e hichte te bringen oer de programmearring.

De Freonen binne fertsjinwurdige yn it NK-EBLT (Nederlânske Kommisje-Europeesk Buro foar Lytse Talen), de Ried fan de Fryske Beweging en it PBO (Programma Beleidsbepalend Orgaan). Sûnt koart is der ek in Klankboerdgroep yn it libben roppen, besteande út seis Freonen en twa fertsjinwurdigers fan it bestjoer fan de FOF. De haadredakteur Klaas Geert Bakker sil ek altyd by de gearkomsten oanskowe. It doel fan dy Ried is om ris kritysk nei it hâlden en dragen fan ús Omrop te sjen. Hja komme fjouwer kear yn 't jier by inoar dêrnjonken: alle Freonen wurde troch de Omrop fan herte útnûge om ris in dei mei te rinnen mei immen fan de redaksje. Dan krijt elts in idee, hoe't soks der om en ta giet. En as lêste: wy ha as bestjoer in brief nei de KPN stjoerd dy't goed op poaten stie en dêryn protestearre tsjin it ferdwinen fan û.o. Omrop Fryslân fan de lanlike regionale stjoerders. Dêrtroch kinne Friezen om utens ús Omrop net mear ûntfange. En dat wylst it Frysk de twadde Rykstaal is!

Jildsaken

Us ponghâlder hâldt de hân goed op 'e knip. Der wurdt ôfpraat, dat de Freonen safolle mooglik fia automatyske ynkasso harren kontribúsje betelje moatte en dat de kontakten oer en wer fia de mail ôfhannele wurde, dat skeelt in soad tiid en jild.

Uteraard falle Freonen sûnder e-mail, lykas de selsbetellers, net tusken wâl en skip. It jier 2017 koe wer mei in posityf resultaat ôfsluten wurde.

Ta beslút

It bestjoer bestie yn 2017 út de folgjende leden:

Andrys de Blaauw

foarsitter/fertsjinwurdiger Ried fan de Fryske Beweging/ foarsitter Klankboerdgroep/ fertsjinwurdiger PBO

Geartsje Fokkema-Elgersma

skriuwer

Nynke Bosgra

ponghâlder

Agatha Hijlkema-Jorna

redaksje Each & Ear/kontaktpersoan frijwillichster

Vera Stilma

redaksje Each & Ear/fertsjinwurdiger NK-EBLT

Doutsje Hoekstra-de Vries

algemien bestjoerslid/ fertsjinwurdiger Klankboerdgroep

Geartsje Fokkema-Elgersma



Finansjeel ferslach 2017

Finansjeel oersjoch 2017 en begrutting 2018

	Begjinsaldo 1-1-2017		Einsaldo 31-12-2017
Betelrekken	€ 842,97	€ 1.250,71	€ 2.093,68
Aktiviteiten rekken	€ 73,17	€ 132,48	€ 205,65
Ledejild	€ 333,81	€ 1.109,24	€ 1.443,05
Sparrekken	€ 38.000,00	€ 2.124,22	€ 40.424,22
		€ 4.616,65	

	Oersjoch 2017	2017	2018
		Begrutting	Begrutting
1	Each&Ear printsjen	-€ 8.107,15	-€ 9.500,00
2	Each&Ear besoargje	-€ 4.879,41	-€ 7.500,00
3	Each&Ear sluvien	-€ 924,44	-€ 1.000,00
4	Bestjoer	-€ 2.537,59	-€ 2.000,00
5	Jiergearkomste	-€ 1.189,66	-€ 1.500,00
6	Personiel	-€ 3.000,00	-€ 2.800,00
7	Porto	-€ 673,71	-€ 500,00
8	Lidmaatskippen	-€ 246,84	-€ 300,00
9	PR	-€ 1.729,25	-€ 2.000,00
10	Algemien	-€ 35,00	-€ 300,00
11	Unfoarsjoen	-€ 5,04	-€ 800,00
12	Rinte	€ 124,22	
13	Bankkosten	-€ 783,98	-€ 800,00
14	Ledejild	€ 35.931,50	€ 38.000,00
15	Bydrache Freonen	€ 6.240,00	
16	Freonedei		-€ 3.000,00
17	Omrop	-€ 6.050,00	-€ 5.000,00
18	Reiske	-€ 7.517,00	-€ 1.200,00
	Totaal		€ 1.000,00
	Stân 31 desimber 2017	€ 4.616,65	€ 0,00

Taljochting finansjeel oersjoch

De opset fan it oersjoch is krekt wat oars as jo wend binne. De reade sifers binne útjeften en yn 't swart binne de ynkomsten. De einstân is yn 't blau.

1. It bedrach is leger as begrutte en ek leger as 2016. Dat komt omdat de 10% koarting ferrekkene is y.f.m. de advertinsje fan Caparis op de efterside fan Each & Ear.

2. Dit jier leger trochdat FRL Post goedkeaper is as it ferstjoeren fia Caparis/TNT.

4. Dit jier € 1.000,00 mear. Wy hawwe as bestjoer wat mear kilometers makke y.f.m. de PR aktiviteiten. Ek hawwe de frijwillichsters dit jier harren kilometers betelle krigen.

8. Foar 2018 heger y.f.m. betelling fan in bydrage oan de Ried fan de Fryske Beweging (€ 50,00) en EBLT (€ 100,00). Dat is in ôfspraak fan jierren werom, dy't troch ús no 'swart op wyt' setten is. Wy hawwe besletten dat dizze twa organisaasjes net foar harren lidmaatskip hoege te beteljen. Sy krije Each & Ear fia de mail tastjoerd.

11. Net in bedrach yn de begrutting foar 2018. Dizze groep sil ferfalle foar 2018.

14. It ledejild is yn de begrutting fan 2018 leger. Wy wiene wat te entûsjast foar 2017!

15. Bydrage freonen is it jild dat de freonen betelje foar it reiske.

17. Wy hawwe dit jier meibetelle oan it mei mooglik meitsjen fan it pleatsen fan in LED skerm by de simmeraktiviteiten fan de Omrop en skoalTV.

18. Ek foar 2018 hawwe wy besletten om in part fan de kosten te beteljen.

Nynke Bosgra
(ponghâlder)



Jantine Weidenaar

Myn namme is Jantine Weidenaar, ik wenje yn it hert fan Fryslân, yn Wommels en ik tikje de 32 jier alwer oan. Op dit stuit sit ik alwer yn myn njoggende jier by Omrop Fryslân. Eartiids bin ik begûn as telefyzjeferslachjouwer, en geandewei de ôfrûne jierren haw ik my eins ûntwikkele as in wiere allrounder. Neam it op, ik ha wit wolris dien: tv ferslach, radio ferslach, live ferslach, buroredaksje, ynternetredaksje, presintaasje, projektpresintaasje. Neffens my is it ienige dat noch ûntbrekt it presintearjen fan in radioprogramma en it live-ferlach dwaan fan in sportwedstriid. Mar jo moatte altyd wat hâlde om miskien yn de takomst op yn te setten, is myn gedachte. Troch myn brede ynsetberens binne de measte

minsken myn namme, stim of gesicht fêst alris tsjinkaam. It is dreech om te sizzen wêrfan't minsken my no it meast kenne. Miskien fan Fryslân Hjoed? Miskien fan live-ferlach op de radio? Ik wit it net! Hjoed de dei bin ik benammen oan it wurk op de onlineredaksje, dus de minsken sjogge en hearre my net sa faak mear, mar "lêze my" miskien des te faker (as se de app op de tillefoan hawwe bygelyks).

Op de jiergearkomste bin ik benammen nijsgjirrich wat de minsken fan my witte wolle? Ik kin eins oer alle ôfdielingen dy't mei nijs te krijen hawwe wol wat fertelle. Fan de regels omtrint in Keninklike besite oant nachts mei de KNRM mei it Waad op.

Anekdoates binne der dêrtroch ek genôch: bygelyks oer in audio-stjoerderke dat noch by in frou opspjelde siet, wylst se mei hele oare saken dwaande wie as ús telefyzjeferslach.....mar dit soarte fan ferhalen binne fansels it moaiste as ik se "live" fertel.

Jantine Weidenaar



Andor Faber

Is 24 jier, wennet yn Ljouwert mar is en bliuwt in Trynwâldster.

Ik wurkje no goed fjouwer jier by de Omrop. Dat klinkt al is it al in aardich skoft mar it fielt foar my as stap ik dêr noch net sa lang om. Faak sjogge je dat jonge sjoernalisten nei harren staaasje 'plakken bliuwe'. Foar my sit dat krekt efkes oars. Yn it neijier fan 2014, it tredde jier fan myn stúdzje sjoernalistyk, kaam der in fakatuere by de Omrop as freelance sportferslachjouwer. En as je graach sjoernalist wurde wolle én sportleafhawwer binne, dan is sa'n fakatuere je op it liif skreaun. Dat gefoel hie ik ek en dus haw ik dêr op reagearre. Sûnder ferwachtings, want: 'se nimme dochs gjin treddejers studint oan', en: 'der

binne fêst in hiel soad oaren dy't reagearje sille.' Neat wie minder wier, nei in petear waard ik oannaam as freelance sportferslachjouwer. En it grappige is: datselde barde mei Timo Jepkema, doetiids in stúdzjegenoat fan my en no fansels ien fan de Omropgesichten. Fan novimber 2014 ôf wurke ik sa no en dan foar de sport. Yn septimber 2015 kaam dêr in staaasje op de nijsredaksje by en sûnt jannewaris 2016 bin ik ek freelancer op de nijsredaksje. It totaalpakket, sis mar.

Wêr silst it oer hawwe op de jier-gearkomste?

Pff, wêr sil ik oer fertelle? Dat is in goeie fraach. Ik sil fansels wat farterlle

oer it wurk dat wy dogge en hoe moai dat wurk is. Fierder soe ik it benammen oan jimme litte wolle. Want wat wolle de minsken krekt oer my en myn wurk witte? Aardige anekdoates binne der fansels genôch mar dy bewarje ik foar de jûn sels...

Ik hoopje jimme dan te sjen!

Thea van der Schaaf



Boat- en bustocht 5 en 6 juny

Drachten-Starum en Starum-Drachten

De kosten binne € 30,- p.p. Dat is ynklusyf kofje/tee mei wat lekkers, hapke, drankje en Fryske kofjetafel. Wy fersykje jo, om tagelyk mei it opjaan, it ferskuldige bedrach à € 30,- p.p. oer te meitsjen op: **NL53 RABO 0130 2830 02** fan Feriening Freonen fan Omrop Fryslân û.f.f. Reiske 2018. Rom fan te foaren krije jo neier berjocht fan ús oer û.o. tiid, opstaplak, parkeare ensfh.



Programma 5 juny:

09:15 Sammelje op De Kade yn Drachten
09:30 Farre fanút Drachten nei Starum mei tuskenstop yn Drylts
17:30 Werom yn Drachten mei de bus.

Programma 6 juny:

Itselde mar dan earst mei de bus nei Starum en werom farre nei Drachten.

De priis fan € 30,00 is mooglik trochdat it bestjoer in bydrage yn de kosten fan € 5,00 per persoan betellet.

Driuwende oprop

Wy wolle ús Freonen oproppe om harren oan te melden foar in funksje as bestjoerslid. Takomme jier trede der twa leden ôf. Wy sykje immen (it leafst in man – sjoch hjirboppe), dy't ek wat doel hat oer finânsjes, as efterfang foar ús ponghâlder. Dêrnjonken sykje wy immen dy't de redaksje fersterkje kin. Hy/sy hat niget oan it lêzen en skriuwen fan de Fryske taal, mar immen dy't dêrneist

it Bilts of it Stellingwerfs behearsket is ek tige wolkom. As redaksjelid wurkje jo mei oan it gearstallen fan Each & Ear, dat trije kear yn 't jier ferskynt. Jo hoege net perfoarst in sit te nimmen yn it bestjoer, al hat dat wol ús foarkar.

Jo kinne earst in pear bestjoersgearkomsten bywenje om mei ús yn 'e kunde te kommen en te ûnderfinen

wêr't we mei dwaande binne. Yn goed oerlis sjogge we dan hoe't it fan beide kanten foldocht. Hawwe jo belangstelling foar ien fan boppesteande funksjes, nim dan kontakt op mei ús foarsitter Andrys de Blaauw.

Til. 0513-841442
mob: 06-22716513.
E-mail: a.blaauw6@upcmail.nl.

Friezen om utens

Sûnder woartels kinne je it nearne 'thús' neame

Friezen dy't útflein binne. We kenne der allegearre miskien wol guon. Wat bart der mei je as je it heitelân ferlitte en je memmetaal net alle dagen mear prate? Wat docht dyn ôfkomst mei dy? Wat nimst mei en wat litst efter? Miranda Werkman ynterviewde fia Skype en Facetime tsien fan dy Friezen om utens, foar it programma mei deselde namme. De portretten binne ûnderdiel fan 'Lân fan Taal'.

"Ien fraach stiet yn elk portret sintraal", fertelt Miranda. "'Wannear langest it meast nei thús?' is dy fraach. It antwurd is foar elkenien oars en it ropt ek foar elkenien folle mear fragen op. Want wat bepaalt dan dyn thús? Wat is dyn grins tusken dysels oanpasse en dysels ferlieze? Hoe feroaret de bân mei famylje en freonen op ôfstân? Fansels, mei alle moderne techniken fan tsjintwurdich kinst goed op 'e hichte bliuwe en kinst kontakt ûnderhâlde, hoe fier ek. Mar bepaalde emoasjes silst misse ast op ôfstân bist en dat kreëarret in bepaalde ferflakking."

"Foar my wie it in hiele útdaging", giet Miranda fierder. "Je binne der net by, je prate fia in skerm en je hawwe it oer dingen dy't je net yn byld bringe kinne. Ik hie ûngefear in oere lang kontakt mei de minsken dy't ik ynterviewd haw. Dat wiene faak

djipgeande petearen, want je hawwe it net oer samar wat." Sa fertelt elk portret syn eigen ferhaal. Friezen yn ûnder oaren Bali, Súd-Afrika, Noarwegen, Frankryk en Sina binne te sjen. Miranda: "Minsken melden har ek spontaan oan neidat se hearden fan it projekt. Sa as Anne Marije Winkle, fan Boalsert. Goed tsien jier ferlyn ynterviewde ik har foar it programma De Leafde. Se stie doe op it punt fan emigrearjen nei Idaho, om te trouwen mei har grutte leafde. Hoe't it no mei har is? No, ik kin ferklappe dat se noch by mekoar binne."

'Wannear langest it meast nei thús?'

'Doe't ik siik waard, fernaam ik dat ik weromfoel op de taal fan myn gefoel'



'Friezen om utens' waard betocht troch Jacqueline Spendel fan Omrop Fryslân. Har woartels lizze net yn Fryslân, mar dat wie no krékt de basis foar it programma. Jacqueline: "Ik bin út Amersfoort wei hjir kommen te wenjen en eins dus in 'utens yn Fryslân'. Doe't ik noch net sa lang by de Omrop wurke, krige ik kanker. Doe waard ik konfrontearre mei myn eigen eftergrûn en taal. Want al wurke ik hjir noch net sa lang, ik koe wol aardich Frysk prate. Doe't ik siik waard, fernaam ik dat ik weromfoel op de taal fan myn gefoel en dat wie foar my it Hollânsk."

Jacqueline fertelt fierder: "Ik wie hiel iepen oer myn sykte, mar fernaam ek dat elkenien dy't earder wol Frysk tsjin my spruts, no oerskeakele nei it Hollânsk. Se gienen mei yn myn gefoel. Dat fielde foar my as in soart fan respekt foar myn ôfkomst en situaasje. Mar der barde noch wat: ik


krige in pear kear de fraach oft ik weromlangje nei Amersfoort, it plak dêr't ik hikke en tein bin. Dat wie yn earste ynstânsje net fuortendaliks it gefal, mar it hat my wol oan it tinken set. Pas doe't de neisleep kaam en de sykte langer duorre as dat ik tocht hie, doe woe ik werom. Dat wie net foar it earst, dat komt noch altyd wol foar en foaral óf by hiele blide dingen, óf yn ferfelende en fertrietlike perioades. Mominten dy'tst diele wolst."

Al dy dingen by elkoar, dat wienen de yngrediïnten foar 'Friezen om utens'. Portretten fan Friezen dy't útflein binne. Jacqueline: "Ik haw it dellein by de organisaasje fan Kulturele Haadstêd, en dêr wienen se fuort entûsjast. It giet oer dat wat ôfstân mei je docht en binnen 'Lân fan Taal' wie it presys wat noch miste. Mei elkoar binne we ta de sintrale fraach 'wannear langest it

meast nei thús?' kommen. Miranda waard de programmamakker, dat wie hiel fijn. Ik hie in dúdlik byld foar eagen fan wat it wurde moast en Miranda snapte dat fuort. Ik fyn it geweldich dat we sa'n moai programma meitsje koenen binnen it grutte Ljouwert-Fryslân 2018. We hawwe echt alle frijheid krigen om wat moais del te setten en elkenien kin dêr no aanst nei sjen."

De tsien portretten binne sûnt ein febrewaris alle wiken op freedtejûn by Omrop Fryslân op telefyzje te sjen. De Friezen om utens binne ek online te sjen op omropfryslan.nl/2018 én fan ein maart oant en mei ein oktober yn Paviljoen Liwwadders, de driuwende eksposysjeromte fan Lân fan Taal yn de Prinsetún yn Ljouwert. De tagong is fergees.

Thea van der Schaaf



Omrop Fryslân sit yn myn hert

Yn 'e maitiid fan 2018 nimt Jan Koster - nei in tsjinstferbân fan 8 jier - ôfskied as direkteur fan Omrop Fryslân. Tiid om stil te stean by dat momint, werom te sjen op wat west hat en foarút te sjen nei de takomst.

Efkes werom nei tsien jier lyn, want doe foel Jan syn each eins al op de Omrop:

“Op in dei siet ik op in terras yn Ljouwert oan in bierke mei Wio Joustra, doetiids haadredakteur fan de Ljouwerter krante. We hiene it oer de fakatuere foar direkteur by Omrop Fryslân. Ik hie wol sollisitearje wollen, mar siet op dat stuit by in bedriuw yn Grins dêr't ik tasein hie, fiif jier te bliuwen. Yn dy tiid is Roel Cazemier direkteur wurden. Dy is nei oardel jier wer opholden en it tafal woe dat ik wer op it terras siet, en wer mei Wio Joustra, doe't ik dat hearde. Doe haw ik thús sein: “en no moatte we dy fakatuere yn de gaten hâlde, want no gean ik der foar 100% foar”. It like my geweldich, in prachtich slot fan myn wurksame libben.”

Jan ferfolget: “De Omrop is mear as gewoan in baan. It sit echt yn je hert. En ik fyn dat wy in funksje hawwe yn it behâld fan ús taal. We binne fansels gjin taalynstitút of kultuerynstelling, mar wol ien fan de alderwichtichste kultuerdraggers fan Fryslân. Wy hawwe in taak om ús taal en kultuer oerein te hâlden. It is dan wol net in wetlike, mar wis in morele taak. It is ek ús besteansrjocht. We binne wat apart yn ferliking mei it oare part fan Nederlân, mar wol leuk apart. Wy binne ússels en dat is krekt in bytsje oars as de rest.”

Hoe sjochst werom op dyn tiid by de Omrop?

“Fansels sjochst nei hichte- en djiptepunten. Doe't ik hjir kaam wie de organisaasje finansjeel net sûn, draaide dy struktureel ferlies, en wiene der ek gjin plannen om dat om te bûgen. No is de Omrop wer in finansjeel sûne organisaasje. Dêr hawwe in pear reorganisaasjes mei besunigingen foar nedich west, mar it is relatyf sûnder grutte gefolgen oplost. Ik bin der grutsk op dat ik dêr

myn stientsje oan bydrage kinnen haw.”

“De politike diskusje is ek ien. Ik haw hast fjouwer jier oan it lobbyen west yn Den Haach, om der út te heljen wat der yn siet. Ik bin hiel bliid mei it resultaat dat dêr útkaam is. We binne noch altyd in selsstannige omrop, we geane oer ús eigen belied, mei ús eigen jild. Boppedat binne yn it bestjoersakkoart tusken Provinsje en Ryk allegearre saken formeel fêstlein. It jild foar de Fryslân DOK dokumintêres en skoaltelefyzje, 1,8 miljoen euro mei-inoar, dat stiet no fêst yn it akkoart, dêr hat de Omrop rjocht op. Dat wie net sa, dêr moasten we alle jierren wer oer ûnderhandelje. Dy ûnwissichheid is no fuort. Wat ek fêst stiet is dat Omrop Fryslân net fusearje kin mei oare omroppen. It is eins allegearre werom te bringen nei ien goede reden: ús Fryske taal.

Ik bin fan ien ding wis; polityk sjoen wie der net mear helber as wat we dien hawwe. Dêryn haw ik mei myn hiele siel en sillichheid besocht it goede te dwaan en dêr bin ik wol grutsk op, ast sjochst wat der útkaam is.



Jan Koster

“De Freonen hawwe ús altyd geweldich stipe en dat haw ik persoanlik bot wurdearre yn dy striid om de selsstannichheid fan de Omrop. Se hawwe mei west nei Den Haach, petyssjes skreaun; en net dat sy it no foarinoar krije koene, mar yn dat totale plaatsje fan lobby hawwe de Freonen hiel wichtich west. It hat my persoanlik ek hiel goed dien dat je witte dat je der net allinne foar steane. Andrys en in hiel soad oaren hawwe dêr in hiel soad tiid en enerzjy oan bestege en se wiene oeral by. Dan kinne je tinke ‘wat docht it der ta’, mar se hiene it der wol oer yn de Keamer. ‘Jimme wiene der wer’ seine se dan as ik letter yn petear mei de Keamerleden wie. We wiene ek de iennigen dy't der altyd wiene en soks wurdt absolút sjoen. Politisy binne úteinlik ek mar gewoan minsken.”

Wat hiest graach berikke wollen dat net slagge is?

“Ik fyn it spitich dat it opsetten fan it Fries Media Centrum net slagge is. De gearwurking tusken Omrop Fryslân, Ljouwerter krante en Friesch Dagblad komt net goed fan de grûn. Dat hat ek mei wetjouwing te krijen, en mei de gearwurking fan private bedriuwen mei publike bedriuwen, dus it is net allinnich mar ûnwil, mar spitich fyn ik it wol. Alles wurdt online. Kranten, radio en telefyzje krûpe hieltyd mear nei inoar ta. It moat anst net sa wêze dat we te lyts wurde om der echt sjoernalistyk noch ta te dwaan.

It idee efter it Fries Media Centrum wie om de earste laach nijsfoarsjenning – dus in brân, in auto yn de sleat; dat wat elkenien witte wol mar net hiel yngewikkeld nijs is – om dat nijs yn gearwurking te meitsjen op in online nijsfoarsjenning. Elk hâldt dêrneist syn eigen kleur, en romte foar eigen eftergrûnferhalen en ferdjippingslagen. De reaksjes op dat idee wiene hiel útinoar rinnend, mar ik leauw der altyd noch wol yn. De Provinsje hat it wol stipe, der hawwe wol ‘pilots’ west, mar it is net slagge.”

Wat silst it meast misse oan de Omrop?

“We hawwe in funksje. Dêr haw ik ûnderdiel fan west en dat bin ik anst net mear. Wat ik ek misse sil is it kontakt mei de minsken, sawol binnen as bûten de organisaasje. En de dynamyk fan it bedriuw. De earste moannen dat ik hjir wurke, wie it krekt in snobberswinkel foar my. Der wurdt hjir safolle moais makke, alle dagen wer en mei in hiel soad passy. Ik haw goed besjoen in soad ferskillende banen hân yn myn libben, mar dit is it meast pasjonearre bedriuw dêr’t ik wurke haw.”

Hoe kaamst ta it beslút om op te hâlden?

“Mei de Krystdagen fan 2016 begûn ik der foar it earst thús oer. Ferline jier simmer haw ik definityf besluten om ôfskied te nimmen fan Omrop Fryslân. It is in kombinaasje fan dingen. Ik wurd 64 en ik gean no noch mei in relatyf protte wille nei it wurk. Ik wol it net safier komme litte dat ik tinke sil: ‘Hoelang moat ik noch’. Dêrneist is der oan de politike beslútfoarming in ein kommen. Dat fielt as in natuerlik momint om it stokje oer te dragen.”

Hoe libbest no ta nei 1 maaie?

“Der is fansels mominteel ûnrêst by Omrop Fryslân. Dat makket it net maklik om ôfskied te nimmen. It is net dat ik it my mear oanlûk as nedich, mar it is ek net dat it my neat docht. Ik hoopje dat de rêst in bytsje werom is as it echt safier is. It is net sa dat ik der tsjinop sjoch. Ik fernim dat ik der wol oan ta bin. Ik leauw net dat ik yn in swart gat falle sil, ik hâld noch wol wat bestjoersfunksjes oan en ik haw fansels tiid om myn



Jan Koster

hobbys wer op te pakken. Klaske, myn frou, hat al sein ‘do moastst gau wer lid wurde fan de skaakklup’ en it kin samar wêze dat ik my wer oanmeld. Skaken ferleare je net. Drave doch ik ek, mar te ûnregelmjittich, dus dêr wol ik anst ek wurk fan meitsje. En it liket my hearlik om de wekker net hoege te setten, wat langer yn ús húske op It Amelân te bliuwen as it moai waar is. It stikje frijheid.”

Wat wolst de Omrop en in nije direksje meijaan foar de takomst?

“Wat ik meijaan wol is: besykje in goede balâns te finen tusken fernijing oan de iene kant, en koesterje wat ús ‘roots’ binne. Sjoch, de

útspraak ‘eartiids wie alles better’, dat is fansels flauwekul. It wie eartiids hielendal net better, mar je moatte net ferjitte wêr’t je weikomme. Bliuw ticht by wat wy binne as Friezen, mar sykje ek de fernijing. Je moatte fernije; oars dogge je der net mear ta. Bliuw by, wês der by, ynvestearje deryn. Sadat we oer tsien jier noch hieltyd sizze kinne ‘we steane yn dy top 3 fan Nederlân en de Friezen hâlde noch altyd fan de Omrop’.

Thea van der Schaaf

Klankboerdgroep febrewaris 2018

Koart ferslach fan de earste gearkomste

Oersjoch ûntjouwing by de Omrop yn de lêste trije jier

Klaas Geert fertelt dat hy de fyfde haadredakteur wurden is yn fiif jier tiid. Tegearre mei de meiwurkers is der nij belied útset. Dat dat ta ûnrêst lieden hat, hat wol blieken dien út stikken yn de krante. Klaas Geert fynt dat ek logysk: taken en ferantwurdlikheden binne feroare. Hy fertelt ek oer de marketing en PR. De hark- en sjochsifers wurde oanlevere troch in ûnôfhinklik buro (Kien út Grins) en binne de lêste jierren dúdlik omheech gien. De doelgroep fan de Omrop is ferlege nei 45+, en dat hat fertuten dien. Op in fraach fan ien fan de leden antwurdet Klaas Geert dat der twa fertrouwenspersoanen by de Omrop binne: ien yntern en ien ekstern.

Ynbring leden Klankboerdgroep

- Der binne yn Hea! hast gjin minsken dy út de Stellingwerven te sjen. Dat hat te krijen mei de ôfstân, seit Klaas Geert. No is de provinsje opdield yn fjouwer regio's. Ferslachjouwers krije harren eigen regio, bouwe harren eigen netwurk op en dan sil der ek mear nijs út de hiele provinsje komme.

- Der wurdt oppere om de Facebook-side fan de Freonen wat aktiver te meitsjen, mear twarjochtingsferkear. Mar dêr moat wol hoeden mei omgien wurde.

- Is der mear gearwurking tusken de Omrop en de Fryske Akademy mooglik? Klaas Geert reagearret posityf. De Omrop hat wol mear organisaasjes dêr't mei gearwurke wurdt.

Behanneling trije stellingen

1. Hjoeddeiske Omrop Fryslân is net Frysk genôch mear. De leden fan de Klankboerdgroep binne it hjir net mei iens.

2. De Omrop moat har maatskiplik mear jilde litte (ôfrûne jierren: Itensbank, reanimaasje, Stichting learjild). Reaksje fan de groep: sels gjin aksjes ûndernimme, mar oandacht besteegje oan de aksjes fan oaren.

3. It is goed dat de Omrop ferjonget en dêrmei de grinzen opsiket. De oanwêzigen binne it hjir mei iens. En: de jongerein wurdt fansels âlder.

Doutsje Hoekstra-De Vries en Andrys de Blaauw



Wolle jo wat mei ús diele?
- In bysûnder ferhaal
- Hokker radio of televyzjeprogramma
soene jo noch wolris hearre of bestjen
wolle en wêrom?

Mail dan nei:
freonen@omropfryslan.nl

Wopkje Bergmans

Meirinne op 'e redaksje

Yn EACH & EAR

lies ik datst dy opjaan koest om ris in dei mei te rinnen op de redaksje fan OMROP FRYSLÂN. Ik tocht: "Dat is nijsgjirrich en krekt wat foar my!" En...dat wie it ek!

Op tiisdei 25 oktober 2017 wie it dan safier. Nei in waarme ûntfangst en in bakje kofje fan Antine de Hoop, koe ik drekst oanskowe by de redaksjefergadering ûnder lieding fan Hans Koster. Eltse sjoernalist waard frege wêr't er mei dwaande wie en de nijste nijsitems waarden ûnder de oare sjoernalisten/redakteuren ferdielt. Ferhipte nijsgjirrich!

Nei it oerlis gie ik by Hans Koster efter de kompjûter en doe nei Timo Jepkema. Hy makke my weiwiis oer hoe't it lêste nijs de redaksje binnen komt. Doe op nei Feike Wouda, hy helle de wichtichste nijssaken fan ynternet, sette dat yn it Frysk oer en gie nei de studio om it "lêste hite nijs" (hotnews) foar te lêzen.

Efkes by Remco de Vries om it hoekje sjoen, hy wie mei de sintrifúzjes fan Drachten oan it montearjen en socht noch om in moaie foto -fan ynternet- by syn reportaazje.

Johan Terpstra siet ek te wurkjen, hy gûchele mei syn muzykkwis om, dy moatst ek noch yninoar draaid wurde foar de útstjoering.

Doe skode ik by Andor Faber oan. Hy hie it swit op 'e holle want hy wie

drok dwaande mei in reportaazje oer de yntocht fan Sinteklaas yn Dokkum. Hy hie dat juster allegear filme en hjoed moast it allegear yn inoar skood en montearre wurde. Andor fertelde my dat foar eltse minút telefyzje, hy in oere oan it montearjen wie. Ek wer sa nijsgjirrich!

Sa... no wie it ek hast tiid foar in hapke en in snapke. Op nei de kantine fan OMROP FRYSLÂN. Nei in lekker hapke, mei allegear "OMROP FRYSLÂN promininten" om my hinne skode ik letter wer by Andor Faber oan. Andor hie in oere buorfrou kriegen en dat wie Marja Wiersma, sy wie dwaande foar 'HEA!' Dat gie oer in frou dy't allegear bertekaartsjes sammele hie. Marja wie alhiel út de skroeven, want dy frou hie Marja har eigen bertekaartsje ek noch yn it argyf!

Andor wie yntusken ek hast klear en doe binne wy nei de editingromte gien. Dêr wurdt dan troch de editor de lêste hân lein oan de reportaazje. Hy soarget der ûnder oare foar dat alle lûdlike lûd is en dat tekst en praten gelyk opgiet.

As ôfsluter mocht ik noch in bakje tee yn de kantine helje en... dêr trof ik Sippy Tigchelaar. Mei har ha ik noch in moai petearke hân oer it skûtsjesilen foar OMROP MAX op NPO1.

Al mei al wie it in tige slagge dei. Ik bin hiel wat wizer wurden en ha

genoaten.

As OMROP FRYSLÂN fan't jier wer in oprop docht om in dei mei te rinnen, dan jou ik my wer op en miskien mei ik dan ek wol mei in ferslachjouwer op 'en paad. Want dat is ek nijsgjirrich!

Holwert, 15 jannewaris 2018



Meirinne op de redaksje:

Mei in ferslachjouwer mei op 'en paad, útstjoerings bywenje en prate mei allegear minsken fan de Omrop. It kin in heale dei (moarns of middeis). Liket jo dat ynteressant, dan kinne jo jo opjaan fia antine.dehoop@omropfryslan.nl. It kin efkes duorje foardat jo oan bar binne, want wy hawwe mar plak foar ien, heechút twa meiriners op in dei.

Fêste ekskurzjemominten binne tiisdeis, woansdeis (tusken 13:30 en 15:30 oere), tongersdeis (de hiele dei) en op freedtemidde is it ek mooglik om yn kombinaasje mei in rûnlieding in besite te bringen oan de Noardewyn live studio (13:30 oant 16:00 oere). De ekskurzjegroepen moatte minimaal 10 en maksimaal 25 persoanen grut wêze. De kosten binne €7,50 de man/frou. In ekskurzje duorret sa'n twa oeren, wêryn't jo alles te witten komme oer de Omrop fia in presintaasje en in rûnlieding troch it gebou. Hawwe jo belangstelling, folje dan it oanmeldingsformulier yn op omropfryslan.nl/runlieding, jo krije dan sa gau mooglik in befêstiging.

Myn moaiste Fryske boek

Yn novimber 2016 pleatste de redaksje in oprop yn Each & Ear oer 'Myn moaiste Fryske boek.' Der hawwe wy in pear reaksjes op krigen. Ien dêrfan fine wy seker de muoite wurdich om troch te jaan. Wytske Baars fertelt wêrom't no krekt dat boek fan Durk van der Ploeg har sa oanspruts. Hawwe jo ek noch in moai ferhaal foar dizze rubryk? Mail dan nei: freonen@omropfryslan.nl en wy nimme kontakt mei jo op.

Yn de 18e en 19e iuw wennen yn Fryslân ferskate amateurs dy't dwaande wiene mei astronomy, wiskunde en it meitsjen fan ynstruminten. Ien fan harren wie Eise Eisinga fan it Frjentsjerter planetarium. Arjen Roelofs hearde dêr ek by. Hij wie de earste dy't eksakt de baan fan de planeet Mercurius berekkene, en útmetten hat.

Dizze yn Hijum by Alde Ieje berne 'boereprofessor' wurdt troch Durk van der Ploeg yn de romantyske biografy It Himelsk Oerwurk beskreaun. It boek jout in ynkringend en prachtich beskreaun byld fan it

libben op it plattelân.

Yn it Friesch Dagblad fan 13 oktober 2007 – Sneinspetiele - stiet op side 39 in resinsje, skreaun troch Gerbrich van der Meer.

Ik kin my hielendal fine yn de resinsje fan Gerbrich. It boek is wiidweidich skreaun, mar der sit sâfolle ferdjipping yn en alles kloppet. Ik ha genoaten fan alle details.

Yn deselde tyd dat ik it boek oan it lêzen wie, kamen ús mem en jongste suske del mei nammen fan foarâlders dy't by my noch net bekend wiene. Ien dêrfan wie Lysbeth Roelofs Roelofs, berne yn Hijum yn 1747 en in suster fan Arjen.

Ik siet dus in boek te lêzen oer myn eigen famyljehistoarje!

Yn it boek is ek beskreaun dat broer Klaas mei it ynfieren fan de Boargerslike Stân, him yn it Register fan de Famyljenammen ynskriuwe litten hie as Klaas Roelofs Goodijk. Mei dy namme hie hy him ferbûn oan de âlde Middelseedyk dy't Eastergoa iuwen lang beskerme. Hy hie de foarkar jûn oan in topografyske 'fan,'

boppe dy fan it eigen staach.

In pear dagen letter kaam ik Cees Goodyk tsjin op in jierdeibesite en ik koe him fertelle dat wy net allinne freonen, mar ek famylje fan elkoar binne. Cees fertelde (yn it Bilts fansels) dat by syn pake en beppe noch in teleskoop stie, makke troch Arjen Roelofs.

Lysbeth troude mei Hessel Lolkes Hommema. Dy foarnamme Hessel wurdt al generaasjes lang trochjûn. Myn omke hie dy namme fan syn pake Hessel bij de Leij fan Stiens.

Ynstjoerd troch
Wytske Baars-Stienstra.



Utslach krystpuzel 2017

Dizze kear stie der yn it novimbernûmer fan Each & Ear in hiel oare puzel as dat wy jierren wend west hawwe. Neidat Durk Wiersma ferline jier oanjûn hie der mei ophâlde te wollen, hat ús bestjoerslid Vera Stilma dat stokje fan him oernaam.

Der moasten mear as fjirtich wurden trochstreke wurde, wêrnei't der fan de oerbleaune letters in wurde makke wurde moast. Dat wie: FAKANSJETIID.

Yn totaal hawwe 194 freonen de oplossing ynstjoerd, 142 minsken diene dat fia de mail en de oare 52 stjoerden in brievekaart nei de Omrop. As wy it tal ynstoerings ferlykje mei dat fan ferline jier, is dat mear as 50 ekstra!

Ut de ynstjoerders hat de redaksje yntusken de winners lutsen. De gelokkigen binne:

Dûnsfoarstelling TALENT ON THE MOVE yn Theater Sneek: mefr. J. Cats út Burgum.

BOKWERT 2018 troch J&M teaterwurk yn De Skâns op de Gerdyk: mefr. A. Fekken - Lenos út Skarsterbrêge.

Tagong ta museum Warkums Erfskip: mefr. De Boer – de Ruiters út Wommels.

Us lokwinken foar de winners dy't yntusken harren priis thúskrigen hawwe.

De Omrop en LF2018

Yn 'It geheim fan De Deelen' nimt Omrop Fryslân jo op in bysûndere wize mei yn dit natuergebiet. Belibje de ûnder- en boppewetterwrâld fan De Deelen op it Oranjewoudfestival yn juny.

Aardich foar grut en lyts: de taletún fan Lân fan taal. 15 sneonen lang is der fan alles te dwaan. Yn dy tún is in Heit&Mem plein dêr't ferskate Fryske organisaasjes harren sjen litte. Tsjek is der ek mei de skoalscrabblebattle.

As ferlingstik fan it DNA projekt, hat Tsjek 'tsjek myn DNA' filmkes makke. Te sjen yn Tsjek en yn de ark by de taletún. Bern dogge wat yn harren buiske en fertelle dêrby wêrom't sy dat der yndogge en wat dat oer harren seit.

It grut Frysk diktee wurdt ekstra bysûnder dit jier. Mei troch finansjele stipe fan de Freonen kin it in megaspektakel wurde mei mear as 1000 meiskriuwende manlu/froulju op it Aldehoustersjerkhof.

Ek mei tank oan de Freonen: yn maart nimme we de Fryske Matteus Passion op.

Letter dit jier meitsje we in registraasje fan Stormruiter! Hawwe jo kaarten bemachtigje kinnen?

Hawwe jo alris sjoen nei de lepen Up debatten? Alle woansdeitejûnen te folgjen fia Omropfryslan.nl

Der bart fansels noch folle mear. Alles is te folgjen op Omropfryslan.nl/2018



Jo ferhaal yn ús DNA

Oer it DNA projekt binnen Kulturele Haadstêd Ljouwert-Fryslân 2018 hawwe jo fêst al ris wat heard. Minsken kinne buiskes mei harren ferhaal, harren DNA ynleverje. Alle buiskes wurde brûkt yn in grut keunstwurk dat yn it stedskantoor fan Ljouwert komt te stean. It keunstwurk is in kubus dy't bestiet út finsters. De organisaasje hat de meiwurkers fan Omrop Fryslân frege ien sa'n finster te foljen mei buiskes. Dat is fansels in prachtige útdaging, want der moatte ûngefear 300 buiskes yn.

Wy wolle jimme as Freonen ek útnûgje om dêr oan mei te dwaan, want wy wolle fansels dat finster mei 300 buiskes graach folje mei ús Omrop, en dêr hearre jimme by. De buiskes binne op te heljen by de baly fan Omrop Fryslân, de ynsammelboks stiet dêr ek. Binne jo net yn de gelegenheid in buiske te heljen of te bringen? Belje dan even mei de resepsjoniste op 058 2997799, dan sykje wy nei in oplossing.



Fryslân Kiest - Op 'e kofje

Op 21 maart binne der yn it hiele lân gemeenteriedsferkiezingen. Yn Fryslân giet it om ferkiezings yn 14 gemeenten. Yn de oanrin dêrhinne, komme trije ferslachjouwers fan Omrop Fryslân in wike lang by minsken thús, op 'e kofje, om te hearren wat sy wichtich fine en wêr't sy om tinke as se te stimmen geane. De ferslachjouwers binne live op 'e radio te hearren. Sa kin it bygelyks wêze dat Bauke Deelstra live by it moarnsiten yn Achtkarspelen is, Lennie Bronsveld tusken de middei live in stukje bôle yt yn Harns en Afke Boven live oan it jûnsmiel yn Smellingerlân sit.

Neist harren bydrage op radio, meitsje de ferslachjouwers flogs dy't online te sjen binne. Yn Buro de Vries binne reportaazjes te hearren oer kwestjes dy't spylje yn de gemeenten en yn it nijsfoarum nimme listlûkers út de ferskillende gemeenten plak. Jûns binne de útslaggenjûn fansels live te folgjen by Omrop Fryslân, mei gasten dy't harren ferhaal dogge, ferslachjouwers op lokaasje, alle útslaggen en analyzes.

Kech riemt op pech

Kollumnist Peter Riksma is echte 'taelman'. Hi'j studeerde Nederlaans, gaf daor laeter ok les in, zet him in veur de Stellingwarver tael en streek-kultuur, en was eerder aktief veur de lokaole (RTV Emmen) en regionaole omroep (receensies veur RTV Oost). Peter Riksma (1952) woont in et Drentse Zaandpol, mar komt van oorsprong van Wolvege.

Et Stellingwarfs is een Nedersaksische tael, die niet allieend in de beide Stellingwarver gemienten praot wodt, mar ok in een groot pat van et angrenzende Westervelde en Stienwikerlaand. Nog niet zo lange leden wodde et Stellingwarfs ok nog praot in o.e. Echtenerbrogge, Oolde- en Ni'jhoorn, wat langer leden tot alderdeegst in Luunjeberd an toe.

Veur meer info:

www.stellingwarver-schrieversronte.nl

Peter Riksma

KECH RIEMT OP PECH

As ik zo es om me henne kiek, hewwe boven de grote revieren nog altied niet al te vule op mit karneval en alles wat daor zoal bi'j heurt. Bi'j oons in de buurt bin ieder jaor nog wel een stok of wat verienings mit ronkende naemen die visioenen van langdurige feestperti'jen oproepen. Ze doen in elk geval ommeraek heur best om tiedens dit koolde jaorgedie wat zudelike en veural feestelike waarmte deur oonze verkleumde noordelike aoren stromen te laoten. De vaastholendhied waor ze dat mit doen, dwingt respekt of. Mar mien indrok is dat et ieder jaor meer muute kost om meensken te vienen die letterlik en feguurlik de karnevalskarren trekken willen. Van et volk dat dat dan nog wel es doen

wil is et de vraoge of ze et doen omdat ze riaante kaansen zien om heur in de anloop naar Paosen legaol an et bewiend van Koning Alkehol onderwarpen te kunnen of dat d'r meer idealistische motieven in et geding binnen. Ik hoop vanzels et laeste en dat ze ok nog bewust raeken van de betekenis van et woord karneval: "carna vale" staot letterlik veur et valen laoten of et loslaoten van et vleis.

Ik hadde zels nooit vule mit karneval. Ondaanks mien kattelieke achtergrond warschienlik toch te nochter en te stief veur zoks. Wat ik wel aorig en bi'jtieden soms hiel mooi vun, weren de lieties die in et veurjaor prompt elk jaor kotstondig in de hitparade kwammen te staon. Ik vun bi'jglieks "Wat heb je gedaan Daan" van Adèle Bloemendaal en "Kiele Kiele Koeweit" van Farce Majeur



prachtig, om nog mar vol diep respekt te zwiegen van et poëtische “Vogeltje, wat zing je vroeg” (Toon Hermans). Dat laeste lietien zie ik trouwens niet iens weeromme in de “Top 100 van carnavalsliedjes aller tijden” en dat begroot me wel veur die meerstentieds geniaole Toon Hermans.

Lichtkaans is d’r mit et karneval van 2018 een prachtkaaans om die lieste weer es van een fonkelni’j bewies van de bekwaomhied van oonze karnevals-dichters te veurzien. Verantwoordelik daorveur is gieniene minder as ondernemer en zanger Johan Vlemmix (ja, inderdaad bekend van zien evergreen “Een bussien vol mit Polen” mar mis-schien nog meer van de Living Dolls. Zien webstee meldt dat die Living Dolls d’r uutzien as sekspoppen, mar dat ze et hebben moeten van – et staot d’r echt – goede gesprekken!). Disse Johan Vlemmix was et niet ontgaon dat rapper Boef om de jaorwisseling henne

nogal wat trammelaant hadde mit zien uutlaotings over een peer vrouwluden die him hulpen hadden bi’j een pechgeval. Nao zien dankberhied betuugd te hebben, bruukte Boef argens in de sociaole media et woord “kech” en de ien of aander het kennelik mitien de betekenis van dat woord opzocht bi’j et betreffende lemma in zien Arabisch wordeboekien. Kotomme, Boef zien karrière an diggels en Johan Vlemmix an et prakkeseren wat hi’j mit disse onverwaachse anvulling op oons karnevalsidiom doen kunnen zol. Of Johan zels mit et idee kwam of iene van zien Living Dolls weet ik vanzels niet mar feit is dat d’r een schoffien laeter een lietien op zien schriefftaofel lag mit de even veulzeggende as treffende titel: Hé kech! Kom jij eens hier want ik heb pech!

Of Johan Vlemmix d’r mit dit nommer in slaegt om mi’j mit mien

strammer woddende bienen toch nog een keer an de polonaise dielne-men te laoten betwiefel ik. Mar ik ben wel onder de indrok raekt van hoe bedrieglik ienvooldig een kaptaole misser van oons aller Boef (graeg gien medelieden mit de man, hi’j het zien schaopies al lange op et dreuge!) wat meer mediterrane kleur in oons karnevalsrippertoire brocht. “Kiele kiele Koeweit” was mis-schien een hiel kleine en bescheiden opmaat in die richting, mar Johan Vlemmix vuulde die tiedgeest en sleug toe! Hewwe trouwens al een Karnevalsdichter des Vaderlands?



OPJEFTE BOATREISKE MEI DE HARMONIE

- Ik jou my op mei persoan(en) foar it reiske op **5 juny**
- Ik jou my op mei persoan(en) foar it reiske op **6 juny**
- Ik jou my op mei persoan(en) en de datum makket my neat út
- Dieetwinsken: Ja / Nee

De kosten € 30,- p.p., dat is ynklusyf kofje/tee mei wat lekkers, hapke, drankje en Fryske kofjetafel

Wy fersykje jo, om tagelyk mei it opjaan, it bedrach fan à € 30,- p.p. oer te meitsjen op

NL 53 RABO 0130 283002 fan Feriening Freonen fan Omrop Fryslân û.f.f. Reiske 2018.

In wike yn it foar krije jo neier berjocht fan ús oer û.o. tiid, opstaplak, parkearje ensfh.

Stjoer de bon werom nei:

Freonen Omrop Fryslân, Postbus 7600, 8903 JP Ljouwert of mail: freonen@omropfryslan.nl

Namme: Lidnummer:

Adres:

Postkoade: Wenplak:

Telefoan:

Mailadres:

JIERGEARKOMSTE FREONEN OP 18 april 2018

Graach sa gau as mooglik opstjoere, mar foar 1 april 2018 nei:

Feriening Freonen fan Omrop Fryslân
Postbus 7600, 8903 JP Ljouwert
Opjaan fia de e-mail kin ek: freonen@omropfryslan.nl

Ik jou my hjirby op foar de jiergearkomste fan 18 april mei persoan(en).

- Jimme kinne op my/ús rekkenje mei sop en broadsjes (ynrin fan 18.00 oere ôf)
 ik/wy komme allinne foar it saaklik part (begjint om 19.30 oere)
(graach oanstreekje wat fan tapassing is)

Namme : Lidnûmer.....

Adres :

Postkoade : Wenplak

Telefoan : Mailadres

Caparis Grafisch Centrum



CAPARIS
dat *werkt* voor iedereen

**CAPARIS
GRAFISCH CENTRUM**



Caparis Grafisch Centrum

produceert een breed scala
aan drukwerk voor een
grote verscheidenheid aan
opdrachtgevers.

Wij bieden een totaalpakket: ontwerp, dtp,
drukwerk, afwerking en bezorging. Dat doen we
turn key en binnen de afgesproken termijn.
Behalve grafische know how hebben we ook
kennis van opslag, logistiek en mailingservice.

CAPARIS Grafisch Centrum

Jagtlustweg 2
8444 AV Heerenveen
Postbus 300
8440 AH Heerenveen

T (0513) 62 43 33
F (0513) 62 70 41
E grafisch@caparis.nl
I www.caparis.nl